

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn 'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn 'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan 'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1ste foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn 'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,-).

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300ste lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net alinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris. Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingblêd fan de Sékrite



Oprjochte 25 novimber 1971

Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens

Jiergong 40

Nûmer 5, Maart 2026

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889

RABO-bank Lelystêd

Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396



It festjebûsteäter yn Lelystêd foar keunst-leafhawwers!
It moetingplak foar jong en âld, in briedplak foar alle kulturele ynstellingen fan Lelystêd en omkriten.

Kempenaar 01 10,
8242 BA Lelystêd.

Wa helpt ús om dit plak ek fol te krijen mei in advertinsje?

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:
Luit en Johanna Dijk
0320 - 412444
luit.dijk@kpnmail.nl

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel: 0320-222288



Als uw banden versleten zijn gooit u uw auto toch ook niet weg?



van Ommenel
MOEDERSTEL

VAN LIER
since 1815

Voor meer informatie over vakkundige reparatie van uw kwaliteitschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL



AG en MYM-middei op 28 maart 2026.

Sneon 28 maart 2026 binne jimme allegearre wolkom op de Algemiene Gearkomste en de Moetings - en Ynspiraasjemiddei fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. De gastkrite sil dan de krite "Fier fan Hûs" fan Apeldoarn wêze. It wurdt hâlden yn 'Doarphûs Ugchelens Belang', Boogaardslaan 81 7339 AN Ugchelen. Opjefte kin fia ús skriuwer Luit Dijk.

IT PROGRAMMA FAN DE DEI:

10:00 oere	Ynrin - Untfangst troch it bestjoer fan de gastkrite "Fier fan Hûs" fan Apeldoarn mei in kopke kofje of tee en in stikje oranjekoeke;
10:30 oere	Algemiene Gearkomste yn de grutte seal
12:15 oere	Skoft mei lunsj yn de kafee-seal kosten Euro 16,50
13:00 oere	Presintaasje troch Teade de Boer fan it Agrarisch Natuurfonds Fryslân yn de lytse seal
14:45 oere	Skoft - drinken út eigen bûse - der binne muntsjes te keap
15:00 oere	Toaniel: De Lytse Komeedzje mei "De Rollator Revolúsje" yn de grutte seal mei 30 minuten skoft - kosten Euro 20,=, net-leden Euro 22,50.
17:40 oere	Ein fan de dei
18:00 oere	Foar dejinge dy't wol: waarm buffet - kosten Euro 25,50



De Rollator Revolúsje giet oer âldereinhûs 'de Takomst' en is ûntstien út in fúzje tusken twa lytse-re teuzen: it sjike rêsthûs 'Edelburcht' en it folkse âldereinhûs 'De Plets'. Dizze fúzje rint net bepaald posityf. De bewenners kinne elkoar net lichtsje of sjen en in freeslike direktrise wevet der mei ôf. Mar as in mysterieuze âldere hear der komme wol te wenjen, slaan de frouljusherten hielendal op 'e rin. It mei dúdlik wêze dat fan in rêstige âlde dei gjin sprake mear is.

docht him foar op de Feluwe. Bysûnder is de rjochte line fan grêfheuvels tusken Epe en Niersen, dy't wiist op de oanwêzigens fan in dyk. Noardlik fan Renkum binne mar leafst 71 grêfheuvels fûn, dy't konsintrearre lykje te lizzen lâns in delling dêr 't wetter fan heger lizzende grûnen nei de Ryn streamt. Noch mear grêfheuvels binne fûn op de noardeastlike Feluwe, by Ermelo, nammentlik 134. Se lykje mei-inoar ferbûn te wêzen troch twa ' linen ', prehistoaryske paden dus.



Amateur-archeoloog Geert Jannes Landweer by de opgroeven Valtherbrêge yn it fean deunby Valthe, 1892. Landweer wie korrespondint foar it Provinsjaal Museum fan Oudheden (no Drents Museum) en ûnderhold goede kontakten mei it Rijksmuseum van Oudheden yn Leiden. Yn 1892 lei er in part fan de Valtherbrêge bleat dy't yn 1818 ûntdutsen wie troch J.W. Karsten.

Houten diken troch it fean: Wa't drûge fuotten hâlde wol, moat snoad wêze Dat in grut part fan Nederlân hiel eartiids bedutsen west hat mei fean, sil foar gjinien noch in ferrassing wêze. De útstrekheid fan it feangebiet moat hast net foar te stellen west hawwe. West - en Noardeast-Nederlân besteane foar in grut part út fean. Dochs binne der diken fûn yn dit moerassige gebiet.

Foar de tsiende iuw is it grutste part fan Fryslân in feangebiet, de krite súdlik fan de stêd Grins oant yn Oerisel binne sels ta de santjinde iuw net oanmake. Wa't oan'e oare kant fan'e somepe wêze moast, socht syn wei leafst oer de hegere sângrûnen. Likegoed hawwe ús fiere foarâlden it weage om diken oan te lizzen troch it fean. Houten diken, wol te ferstean, want dy sakken net wei yn'e wiete ûndergrûn.

Archeologen hawwe yntusken sa'n fjirtich feandiken yn Nederlân ûntdutsen. Dat oantal stekt wat skril ôf tsjin bygelyks de Dútske dielsteat Nedersaksen, dêr't wol 350 fûn binne en yn Ierlân noch folle mear. De âldste feanwei, by it Drintske Valthe, is datearre op sa'n fiiftûzen jier âld, oaren út de twa millennia dêrnei. De meast yndrukwekkende feanwei is de Valtherbrêge, dy't út de Romeinske tiid stammet.

(ferfolch yn it kommende boekje)

Ynhâld Meidielingebled:	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# In Neitins mei in Gouden Râne.....	3
# Kritegearkomsten 2025-2026, Krittenijs en sjongkoar.	4
# Ut de Boekehoeke	5
# Meast gefaarlike en deadlike bisten fan Austraalje.....	6
# Utnûging foar de kritegearkomste fan 18 april.....	8
# De skiednis fan de Fryske oranjekoeke.	9
# Foto's fan it 50-jierrich bestean fan it sjongkoar.....	11
# Ut de itensiderij	12
# Us ierste ynfrastuktuer: de alderâldste wegen fan Nederlân...	13
# AG en MYM-middei op 28 maart 2026 yn Ugchelen.....	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 16 april 2026.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite en oare saken:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl
 Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl
 Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl
 Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com
 Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com
 Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Kosten: It lidmaatskip is € 25,= yn't jier / stipers € 17,50 yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber, foarôfgeand oan it winterskoft, by skriuwer Luit Dijk. Lidmaatskipsjild. It lidmaatskipsjild moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft betelle wurde. Ek kin der foar keazen wurde om yn 2 terminen te beteljen en wol foar 1 septimber de helte en foar 1 febrewaris dêrnei de oare helte. Nei de folsleine betelling wurdt it bewiis fan lidmaatskip útrikt.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: Jan en Sjoerdsje Bijkerk.

Eareleden fan de krite: Albert Postma, Gerrit Kingma en Wytse Fransen.

FAN DE FOARSITTER

Bêste kriteleden,

Maart, de maitiid stiet wer foar de doar. De izel en snie binne gelokkich wer oan de kant en it waar liket der wer in bytsje op!

Ik ha wol wer sin oan de maitiid en de simmer, jimme ek?

Op 7 febrewaris hawwe wy it 50-jierrich jubileum fan it sjongkoar fierd en op deselfde dei ek ôfskied fan it koar nommen. Tige spitich, mar it is net oars, wy wurde allegearre âlder en op it lêst krijt sa'n koar dochts te min leden.

Doe't ik yn 1992 foar de earste kear by krite Boadegraven lid waard fan in Frysk krite, wienen der noch sa'n 7 of 8 sjongkoaren. Yn it ferline op de Friezedagen fan it Keninklik Frysk Boun om Utens, stienen de sjongkoaren dan faaks om beurten op it toaniel harren repertoire ten gehoare te bringen. Mar ja, doe wienen der ek noch tusken de 15 en 20 krite om utens.

En as wy dan no sjogge, in dikke 30 jier letter, binne der noch 8 krite en fanôf moarn noch mar ien sjongkoar. It sjongkoar fan Swol is allinnich oerbleaun.

Ik ha goeie gedachten oan it sjongkoar, spesjaal fansels by dy gelegenheden, wêr't krite en koar tegearre in grutte útfiering joegen. Dat docht my noch altyd tinken oan harren optreden by it 45-jierrich bestean fan ús krite mei it ferhaal oer de Alvestêdetocht. Nei dat jubileum hawwe sy ek noch ferskate kearen by oare gelegenheden dêrmei optreden.

En fansels hat it koar meidien oan it Bounskoar fan it Keninklik Frysk Boun om Utens, yn 2018 yn it Provinsjehûs yn Ljouwert, by it 95-jierrich bestean fan it Boun en 3 jier lyn yn Swol by it 100-jierrich bestean. Dat wienen moaie dagen. Dochts wie it jubileum en it ôfskied in moai fersoarge feest. Der wiene mear as 100 minsken oanwêzich. Wyltske Fransen is fanwegen har krewearjen foar it koar ta earelid fan de krite benommen. As Wyltske it yn 2017 net oppakt hie, dan wie it koar der nei alle gedachten al earder net mear west. Op de siden 3 en 4 hat Wyltske as ôfrûning fan it bestean fan it sjongkoar noch in moai stikje skreaun.


Mar de krite-aktiviteiten geane fierder, wy hawwe dit winterskoft noch 2 kritegarkomsten, 14 maart op 'e middei en 18 april op 'e jûn.

Yn it foarige boekje stie te lêzen wat der op 14 maart yn teäter POSA by ús komme soe: Teätergroep FJOER mei it toanielstik 'LEK'. Dizze toanielgroep hie al earder by ús west en dat wie doe in grut sukses! Yn it kommende boekje sil in ferslach fan dizze kritejûn stean.

Wy hienen foar 18 april in toanielstik fan de Frysk Krite De Jouwer, allinnich de man foar ljocht en gelûd hat oanjûn in probleem de hawwen en sy koenen net komme. Wy hawwe no Teäter Bûtenpost útnûge mei it stik 'Neat te ferbergjen'. Op side 8 kinne jimme lêze wat dit stik ynhâldt.

It bestjoer hopet jimme allegearre op de beide jûnen wer te sjen!

Jimme foarsitter, Jan Bijkerk.



ferdwûn, oaren noch altyd yn gebrûk.

Foar it begjin fan ús jiertelling binne diken fan folle minder betsjutting as hjoed-de-dei. De âldste 'ferbinings' sille net mear as rûtes west hawwe, dêr't de beeanberens fan bepaald wurdt troch it seizoen. Jagers en samplers sille se brûkt hawwe om fan it iene nei it oare kamp te lûken. Yn alle gefallen fan 3400 foar Kr. ôf hawwe dy rûtes der west, omdat út dy tiid de hunebêden besteane. Fan likernôch 2800 jier foar Kristus ôf brûke de bewenners diken fan har delsetting nei grêfheuvels, dêr't se har deaden begrave. Archeologen hawwe

ûntdutsen dat dêryn patroanen te werkennen binne dy't op in beskate ynfrastruktuer lykje.

Hjir neist is in digitale hichtekaart te sjen fan in heidegebiet by it Drintske Rolde, it Balloërfjild, dêr't de karrenspoaren en de saneamde Celtic fields, fjouwerkante boulantsjes, noch goed op te sjen binne.

Yn Drinte en Gelderlân is dat it dúdlikst. By 'de Hondsrug' lâns, de meast eastlike fan inkelde parallelle keileemruggen út de foarlêste iistiid dy't har útstrekke fan de stêd Grins oant Emmen, binne withoefolle grêfheuvels ûntdutsen. Opfallend is dat se om sa te sizzen lâns in rjochte line situearre binne. Boppedat binne út it neolithicum (jonge stientiid, 11.000 jier oant 3.000 jier foar Kristus) weintsjillen fûn, dy't op ferfier yn de direkte omjouwing wize. Itselde ferskynsel



De minske siket himsels in wei. Net allinnich troch it libben, mar ek nei plakken dêr't er wêze wol. Yn alle iuwen dat ús lân bewenne is, ha der diken west. Hast allegear sille se ûntstien wêze troch kontinue minsklike betreding. It lânskip spilet dêrby in bepalende rol. De minske is noch net by steat om de natuer te bedimjen. Wis is it net altyd mooglik om de koartste wei te kiezen. Moerassige gebieten, steile hellings, bosken en sânferstowingen kinne it needsaaklik meitsje om in langere rûte te kiezen. In dyk troch de bosk moat makke en ûnderhâlden wurde, dat kin djoer en arbeidsyntinsyf wêze. In wei oer de heide is folle makliker; de no noch sichtbere karrenspoaren toane dat de reizger sels syn paad siket.



Lânskip mei in foarde by de râne fan in bosk, skildere troch Jacob Isaacksz. fan Ruisdael, 1650 -1682. Út: Histoaryske wegeatlas

Oant de ein fan de mids-iuwen kiest de reizger syn wei, oer lân en oer wetter. De transportmiddels binne ienfâldich, mar effisjint. De ôfstannen dy't er te foet en mei in wein oer lân ôfleit, binne yndrukwekkend. Mar sûnder mear fernuverjend is, hoe fier oft er mei it skip komme kin. Nei Ingelân farre liket in peuleskyl, nei de Eastsee in rûtineklus. En wat te tinken fan de krústochtfarders dy't tûzen jier lyn nei Egypte en it 'Hillige Lân' farden?

En yn de iuwen dêrnei de pylgers dy't itselde diene?

De ûntwikkeling fan de stêden, hast allegearre oan it wetter lein, hat in stimulâns west foar it ferfier fan minsken en guod. Hieltyd mear keaplju geane op paad of oan board. It is it begjin fan ús ferfiersekonomy.

Sa as oanjûn op de folgjende side, soe Nederlân der útsjoen hawwe om 1500 foar Kristus hinne. De donkere gebieten binne feanmoerassen, de ljochtere tinten jouwe de sângebieten en stowâlen oan. Dúdlik binne de 'lange linen' fan 'de Hondsrug' te sjen en de wat gruttere sângebieten op de Feluwe.

Wa't yn ús tiid fan it iene nei it oare plak wol, kiest dêrfoar de koartste wei. Us fiere foarâlden tochten net sa bot yn diken, mar yn rûtes, dy't bepaald waarden troch it lânskip. Yn wiete tiden kin faak better in heger lizzende dyk keazen wurde. Archeologen hawwe sokke rûtes rekonstruearje kinnen. Guon binne no

In Neitins mei in Gouden Râne.

Wy kinne weromsjen op in moaie Krystmiddei op 20 desimber, in folle seal mei famylje, freonen, kriteleden en wat hat it publyk meisongen, oandwaanlik. It hat ús tige goed dien.

Doe krigen wy de nijjiersbesite op freed 20 jannewaris, wol wat in rare dei is want der wurkje noch in pear fan ús koar. Dy koenen der no net by wêze, wat spitich is as je al mei in lyts koarke binne. Mar ja, op sneon is de seal fan 'Wijkcentrum Zuiderzee' ticht. Dêr wie Hindrik v.d.Meer útnûge as sprekker, ferteller en sjonger. Wy hienen ek noch in pear ferskes fan him op ús wurklist dy't we dêr songen ha. It wie in gesellige middei.

En doe kaam 7 febrewaris, ús jubileumdei, reüny en ús lêste optreden. Wat in seal fol minsken, it Frysk sjongkoar fan Swol, ús âld-leden, famylje en kriteleden. It begûn mei in praatsje fan de foarsitter, mei in fotorapportazje, gearstald troch Douwe Gaastra en Jan Bijkerk.

Doe krige Jan Bijkerk, foarsitter fan de Sékrite it wurd en krige it koar in slúfke mei ynhâld. Dêr hawwe wy op 18 febrewaris op de neipraatjûn yn teäter Posa mei synallen in kop kofje fan nommen. Ik bin troch it bestjoer fan de krite beneamd ta earelid, krige de oarkonde oanbean troch skriuwer Luit Dijk foar it krewearjen foar it koar, earst as skriuwer en de lêste 9 jier as foarsitter.

En wat hawwe wy dêr moai songen, en ús wurklist rûn as in trein, mei tank oan ús jubileumkom-

misje besteande út: Ellen, Anneke, Klaske, Wytse, Luit, Albert en Eabele. Nei it skoft waarden wy tasongen troch it Frysk Sjongkoar Swol en dêrnei hawwe de beide koaren mei-inoar noch in blokje fan 5 ferskes songen.

We hiene noch in gesellige neisit en snert mei roggebrea en spek foar de minsken om utens, fersoarge troch Anneke.

En ik hie noch in gesellige neipraatjûn organisearre op woansdei 18 febrewaris en ek in pear manlju útnûge dy altyd foar it koar klear stien ha: ús hoffotograaf Douwe Gaastra, Gurbe Veenstra, Hans Noppers en Jehannes Fransen. It pear Henny en Lute v.d. Bijl hie ik ek útnûge, koene se moai ús lêste kostúms meinimme. It sjongkoar fan Banteggea hat de kostúms fan ús oernommen.



KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2025 - 2026

DATUM	WAT KOMT DER?
14 MAART 2026	Toanielgroep FJOER mei 'LEK' yn teäter POSA
18 APRIL 2026	It bestjoer is noch drok oant sykjen

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com, dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl Yn't foar tige tank.
- Hilly Conradi-Huisman is ferhúze nei de Uiter-ton - Kleinschalig wonen 4 - Marktstraat 1, keamer 088



By it bestjoer bekende troudatums van ús leden:

- Eise en Ymkje Bos, op 27 april 2026 65 jier trou
- Jan en Sjoerdsje Bijkerk, op 19 oktober 2026 55 jier trou.
- Metten en Reny Jonker, op 20 oktober 2026 50 jier trou



Nei de kofje binne wy útnûge om nei de oare seal te kommen en dêr stie ús in ferrassing te wachtsjen, it koar Sjongersnocht kaam ús as tank foar ús kostúms tasjongen, dat hiene sy mei Kevin en Rosa ôfpraat.

Wat in moaie ferrassing, ik krij der noch pikefel fan. Wy hawwe noch in moai skoft bei mekoar sitten, it wie tige gesellich.


Ik wol hjirby alle freonen, famylje en oare kunde tank sizze foar jimme stipe oan ús koar, wy kinne werom sjen op 50 hiele moaie jierren.

Wytske Fransen, âld-foarsitter Frysk Sjongkoar Sékrite.

Us ierste ynfrastuktuer: de alderâldste diken fan Nederlân.

(út Historiek - troch Martin Berendse en Paul Brood)

De 'Valtherbrug'; in wei fan beamstammen troch it fean fan 'de Hondsrug' ôf nei Westerwolde, yn 1818 ûntdutsen troch de yngenieur J.W. Karsten, likernôch 1818. De kaart is nei alle gedachten makke troch in assistint fan Karsten. Út: Histoaryske wegeatlas



Yn de Histoaryske Dikenatlas NL beljochtsje Martin Berendse en Paul Brood it 'mirakel Nederlân' oan de hân fan transportrûten en -bewegingen yn en troch de Lege Lannen by de see. Men soe tinke dat it yn ús grutdiels flakke lân altyd maklik west hat om jin fan A nei B te ferpleatsen, mar neat is minder wier. De nije atlas lit sjen dat Nederlân fan sawat 1850 ôf pas echt in lân waard, omdat fan dat momint ôf alle parten fan it grûngebiet stap foar stap mei-inoar ferbûn waarden troch in gearhingjend dikennetwurk. Op Histoaryk in fragmint út it boek, oer de earste (spoaren fan) diken yn Nederlân.

UT DE ITENSIDERIJ

Curry mei garnalen of pyk.



Dit gerjocht is sawol mei garnalen as mei pyk lekker.

Yngrediïnten foar 2 persoanen:

- 12 wokgarnalen of 250 gr pykfilet yn stikjes snien
- 2 ytleppels sinneblomoalje
- 2 flinke sjalotjes
- 2 teantsjes knyflok
- 150 gr dopearten
- 1 lytse prei
- 1 ytleppel curry madras
- 1 teeleppel kurkuma
- 1 teeleppel paprikapoeder
- 125 gr krème fraîche
- 2 ytleppels mangochutney
- sâlt en piper en piterseelje



Tameitsjen:

- Ferjit de oalje yn in hapkespanne en bak de garnalen of de kipfiletstikjes dêryn koart. Helje it dan út de panne en set it apart.
- Snij de sjalotjes en de knyflok en bak se dêrnei glêzich yn de oerbleaune oalje. Snij ûnderwilens de prei yn tinne rinkjes en foegje dy ta oan de sjalotjes. Bak dit oant se bytgear binne.
- Foegje de curry madras en de krûden ta en bak it koart mei.
- Foegje dêrnei de krème fraîche en de mangochutney ta en bring de saus oan de sied. Foegje dan de garnalen of de blokjes pyk en de dopeartsjes ta en lit de saus noch 5 minuten hiel sêft sudderje.
- Meitsje de saus ôf mei sâlt en piper nei smaak en garnear mei wat hakte peterseelje.
- By dit gerjocht heart rys.

Yt lekker!

Yvonne Nederpel.

UT DE BOEKEHOEKE

Sietse De Vries

*Libben en wurk*

Sytse de Vries is berne yn de Tynje (13 aug. 1955). Yn syn jeugd yn dat doarp, wêrfan de bewenners rûchwei ferdiel koene wurde yn grifformearde en kommunisten, is de basis lein foar syn lettere fyzje op it minskdom en de wrâld. Hy is opgroeid yn in 'read' nêst, syn heit wie kommunist. Nei de middelbere skoalle ferhuze Sytse nei Grins foar in stúdzje oan de Sosjale Akademy. Under syn stúdzje ûntdekkte hy de grutte Russyske skriuwers lykas Dostojevski en Tsjechov, troch harren learde hy in wrâld kennen dy folslein oars wie dan syn eigen. Dat grutte kontrast boeide him en it ynspirearre him om sels ek te skriuwen. Nei syn ôfstudearjen koe hy as begjinnend sjoernalist oan it wurk by Frysk en Frij. Dêr is hy fjouwer jier oan ferbûn west. Nei 1985 wie hy sjoernalist/redakteur op de kulturele redaksje fan de Ljouwerter Krante. Dêrnei wurke hy as freelancer. Mei de misdiedroman 'De boargemaster' (1998) debutearre Sytse de Vries as skriuwer. Mar no wurde 2 oare boeken fan him behannele.

Yn 2012 waard Sytse de Vries frege om it Fryske Kadoboek te skriuwen. 'Bak' draait om in min of mear útbluste ferslachjouwer dy geandewei feroaret yn in krimineel. Mei twa moarden op syn gewis besiket hy syn straf te ûntrinnen, wat him noch liket te slagjen ek. It boekje waard net allinne op papier, mar ek as e-boek útbrocht. Dêrnjonken waard it ferfilme, mei Joop Wittermans en Joke Tjalsma yn de haadrollen. Yn trije ôfleveringen is de film op Youtube te finen.



It ferfolch op Bak ferskynde yn 2018 ûnder de titel 'Hierbak'. Ferslachjouwer Sjerp Bak wurdt troch kriminelen twongen in opdracht op him te nimmen om te ûntkommen oan har wraak. Hy rekket fersyld yn it farwetter fan deputearre Kryst Sorgdrager, dy fan in boubedriuw geunsten oannimt om yn ruil dêrfoar de ferdûbeling fan de wei Ljouwert-Boalsert der troch te drukken.

Luit Dijk.

Meast gefaarlike en deadlike bisten fan Austraalje.



Austraalje is in dreamlân foar in soad minsken, ek foar ús. En terjochte. Jo hawwe dêr de moaiste strannen, meast bysûndere dûkplakken en sykbenearende natuer. Mar witte jo, dat Austraalje ek de meast gefaarlike en deadlike bisten hat? Ast in echte 'daredevil' bist, makket dat fansels hielendal net út, mar krijst al knikkende knibbels ast allinnich al oan spinnen tinkst? Sjoch der dan efkes goed om! Dit binne nammentlik 9 fan de meast gefaarlike bisten dy't je tsjinkomme kinne by in rûnreis troch Austraalje!

Bijen

Tinke jo dat de haai it gefaarlikste bist is fan Austraalje? Dan hawwe jo it mis! Undersyk hat nammentlik oantoand dat bijen de measte sikehûsopnamen feroarsaakje. Dit komt nei alle gedachten omdat wy de by minder serieuus nimme as syn konkurrinten hjirûnder. Dus, binne jo yn Austraalje en allergysk foar ynsekten, nim dan foldwaande foarsoarchmaatregels.

Blauwringde oktopus

Se sjogge der sa moai út dy blauwringde oktopussen en kwa formaat hoechst der ek net fan ûnder de yndruk te wêzen. Dus hoe gefaarlik is dizze oktopus no eins? In byt fan it bist befettet genôch



goed nei de gids op de boat en dwaal net fan de groep ôf. Stienfisk



Dizze fisk is dreech ûnder wetter te sjen om't er himsels sa goed kamûflearje kin as, jo riede it net, in stien. Troch syn giftige stikels op de rêch en kamûflaazje is it gjin pretsje om by fersin op de fisk te stean. Wetterskuon oan is dêrom altyd in goed idee!

Jan Bijkerk



Foto's fan it
50-jierrich
bestaan fan it
sjongkoar.



Sâltwetterkrokodil

Tinkst dy dan feilich te wêzen yn it wetter fan Austraalje? Dan hast it mis. 'Salty', de leafsume namme foar dit grutte krûpbist, is de grutste fan syn soart. Se kinne wol 5, 6 meter lang wurde. It swimt graach yn it waarme wetter om de kusten fan Austraalje hinne en komt leaver net tsjin. Tink goed om warskôgingsbuorden en gean net earne samar swimmen, dizze sâltwetterkrokodil is mei stip ien fan de meast gefaarlike bisten yn Austraalje.

**De wite haai**

Wa't 'Jaws' sjoen hat, hat nei alle gedachten in foby foar haaien. Mar dochs wurde dizze fassinearjende bisten faak ûnterjochte as gefaarlike bisten skaaimerke. Doch is der in haai dy't je leaver net tsjinkomme wolle: de wite haai. Seis meter lang en skerpe tosk, makket de wite haai in freesd bist. Ek al komt it wolris foar dat de wite haai in minske oanfalt, se binne net sljocht op minskefleis. De haai sjocht de minske, hielendal op in surfboerd, faak oan foar har proai: de seehûn. Hâld de flaggen op'e strannen goed yn'e gaten en der is neat oan'e hân!

**Kwallen**

Mini is de Irukandji kwal, mei it bleate each krekt waar te nimmen en yn it wetter hast net te sjen. De kwal libbet yn'e tropyske wetters by de noardkust fan Austraalje. Tsjinkomme dochst dizze leaver net. Witskipppers bestimpelje it gif fan dy kwal as it gefaarlikste op ierde. It gif is nammentlik sa sterk dat it direkt in harsenblinding of hertstilstân feroarsaakje kin. Harkje



gif om 26 minsken te deadzjen, hiel gefaarlik dus. Net tûk om de oktopus yn'e hân te hâlden sa't in toerist dat die. Mochtst se tsjinkomme tidens dyn reis, dan witst datst der fier fan wei bliuwe moast!

Spinnen

Krijst al kribels ast allinnich al oan spinnen tinkst? Dan is it seker it oerwagen wurdich om op dyn reis de wc-bril, doarklink fan de auto en akkommodaasjes ekstra te kontrolearjen. Spinnen hâlde nammentlik fan tsjustere en fochtige plakken. De gefaarlikste spin fan Austraalje is de Red-back spider. It bistje is net grutter as trije sintimeter en hat in soad gif yn him. Men kent se oan de reade streek of it rût op de rêch. Mar gjin soargen: de kâns is hiel lyts dat je biten wurde troch dizze spin.

**Slangen**

Slangen hawwe se dêr yn ferskillende soarten en maten. De ien is wol gefaarlik en de oare net. Doch riede wy jo oan, as je in slange tsjinkomme, der mei in grutte bôge om hinne te rinnen. Foaral de ynlânske Taipan is gjin leaverdsje. Dizze slang wurdt sjoen as de measte fergiftige fan it lân en jout mei in byt safolle gif ôf dat it sa'n hûndert minsken deadzje kin.

**Dingo**

Is it in wolf? Is it in hûn? Nee, it is in dingo! De Australyske fjouwerpoater libbet yn grutte populaasjes. Se sjogge der miskien skattich út, mar sagau'st de tosk sjochst, bist gelyk om. Trochdat de dingo yn it ferline troch de minske foarre is, kinne se tige begearich wêze yn de buert fan iten. Foarje de bisten dus net. Dus ek de dingo heart thús yn it rychje mei de meast gefaarlike bisten fan Austraalje.



(sjoch fierder op side 10)

It bestjoer fan de krite nûget jimme op 18 april út yn teäter Posa foar it toanielstik 'Neat te ferbergjen' fan Teäter Bûtenpost



Ynrin fan ôf 19:00 oere
begjint om 20:00 oere



Teäter Bûtenpost is op 24 maart 1922 as "Krite Bûtenpost en Omkriten fan it Selskip for Fryske Taal-en Skriftenkennisse", oprjochte, koartsein Fryske Krite Bûtenpost. It doel fan De Krite wie it befoarderjen fan it Frysk. Dit troch harren memmetaal te sprekken, te lêzen en te skriuwen. Al rillegau waard it spyljen fan toanielstikken de wichtichste ferdivedaasje. En dat dogge sy dus no al mear dan 100 jier. Op harren webstek is alle ynformaasje oer de ferieniging, aktuele saken dy't spylje, de skiednis en hoe't jo yn kontakt komme kinne mei ús, te finen. By Teäter Bûtenpost leauwe sy yn de krêft fan teater as middel om by te dragen oan it maatskiplike wolwêzen. Harren feriening stribbet dernei om in positive ynfloed te hawwen op de mienskip troch it befoarderjen fan persoanlike ûntwikkeling en gearwurking. Sy hechtsje in soad wearde oan it kreative proses en sjogge it as in kâns om mei-inoar te groeien en te learen. It doel is om in ynklusive omjouwing te kearjen dêr't spilers fan alle nivo's har thús fiele en harren talinten ûntwikkelje kinne.

Toanielstik: "Neat te ferbergjen"

It ferhaal "fan de freoneploech sûnder geheimen" waard as film yn Nederlân wrâldferneamd ûnder de namme "Alles op tafel" mei û.o. Linda de Mol en Eva Crutzen. Tsjerk Bottema makke der in mear dan nijsgjirrich Frysk toanielstik fan: "Neat te ferbergjen".

YNHALD:

Sân goede freonen (trije troude stellen en ien allinnesteande) hawwe ôfpraat foar in itentsje. It is de jûn fan de eklips, de moanneferstjustering. Se beslute by wize fan spul om har mobile telefoans ûnder it iten op tafel te lizzen en elk berjocht (sms, app, e-mail) en elk telefoantsje dat binnen komt fuortendalik mei-inoar te dielen, om te bewizen dat se neat foar elkoar te ferbergjen hawwe. Wat fierder as de jûn foarderet, wat mear geheimen der oan it ljocht brocht wurde. It docht bliken dat de freonen minder fan elkoar wisten as se ynearsten tochten...

De skiednis fan de Fryske oranjekoeke.

Germaanske bertekoeke.

De skiednis fan de oranjekoeke giet hiel fier werom. Tiid foar in koart skiednisleske! De Friezen wiene in Germaanske stam dy't yn it noarden fan ús hjoeddeiske Nederlân wennen - wat wy no dus kenne as Fryslân. Dit folk bakte eartiids foar elk feestlik barren in oare koeke, sa ek foar de berten fan lytse poppen. Harren bertekoeke waarden makke op in langwerpige plaat mei anys, huning en sâlt. Dy koeken wiene lang hâldbber en se snijden dit yn lytse stikken. Sa wiene se dus ek nochris maklik mei te nimmen.

Sinesapelskyl.

Dochs is de namme oranjekoeke nei alle gedachten pas earne yn de 17e iuw ûntstien. Om dy tiid hinne waard de sinesappel nammentlik hieltyd populêrder yn Nederlân. It âldst bekende resept fan oranjekoeke stammet dan ek út 1753(!) It krûdige gebakje waard benammen bakt troch bakkers om Ljouwert en It Hearrenfean hinne. Dat wiene beide ferbliuwplakken fan de Oranje-Nassau famylje; de namme oranjekoeke waard dus ek al gau linkt oan de keninklike famylje. Yn it daai fan de krûdige koeke wurde konfite snippers fan in sinesapelskyl ferwurke. De namme fan de oranjekoeke ferwiist dus net nei de kleur, mar nei de yngrediïnten!

Oranjekoeke sa't wy him kenne

Eartiids waard it resept foar oranjekoeke hieltyd fan heit op soan trochjûn. Dêrom sieten der ek bêst wat ferskillen yn de berêding: guon bakkers makken de koeke mei kaniel en wer oaren mei gember. Letter ûntstie doe ek it idee om in laachje amandelspize tusken de koeke oan te bringen. Amandelspiis mar dan oars: meitsje ek ris spize fan oare soarten noaten Dochs ferdwûnen der spiti-gernôch hieltyd mear bakkers, en is it meitsjen fan oranjekoeke hieltyd faker fabrykswurk wurden. Wol waard der sûnt dy tiid hieltyd mear eksperimintearre mei toppings lykas fruit, slachrjemme en glazuer. En sa ûntstie dus de oranjekoeke sa't wy tsjintwurdich kenne: in krûdige koeke mei in laachje spize der tuskenyn, ôfmakke mei in laachje glazuer en eventueel in toefke slachrjemme en in stikje fruit.

Rôze laachje

Tradisjoneel sjoen waard it glêzuerlaachje makke fan wetter, sûker en ... bitesop! Dizze natuerlike kleurstof jout de oranjekoeke dus dat ferliedlike rôze laachje.

Wa bakt de bêste oranjekoeke?

Dizze hearlike lekkernij is oant op de dei fan hjoed in echte Fryske grutskens. Der is sels in oantal kear in kampioenskip hâlden om te bepalen wa't de lekkerste oranjekoeke bakt! Gelokkich is de oranjekoeke tsjintwurdich ek bûten Fryslân te besykjen: ferskate bakkers ferkeapje dit gebakje en sels by guon supermerken leit er yn'e skappen. Mar foar de écht autentike oranjekoeke riede wy jo dochs oan om dizze yn Fryslân te iten!